

- Ûnderwerp** : Beslútfoarming liearringsoerienkomst en finansjele posysje Fryske Akademy
- Beliedsprogramma** : Frysk Kapitaal
- Registraasjenûmer** : 01712876
- Portefúljuhâlder** : A. Fokkens
- Behanneljend amtner** : H. Akerboom, 058 292 81 36, Frysk kapitaal
- Oanlieding** : De Fryske Akademy (FA) is in wittenskiplik ynstitút oangeande de Fryske taal en kultuer dat troch it ministearje fan Ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW) en de provinsje Fryslân finansjere wurdt. De FA makket ûnderdiel út fan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW), fêstlein yn de liearringsoerienkomst fan 1990 en de meast resinte ferzje fan 2018. Dêrneist yn de BFTK fan 2019 – 2023. Om reden fan de portfolio-evaluaasje fan de KNAW-ynstituten, de governance-problematyk fan de FA as selsstannige stifting en de soarchlike finansjele situaasje by de FA binne fûnemintele wizigings yn de liearrings- en bekostingsstruktuer op koarte termyn needsaaklik. Op basis fan advizen fan in Gateway Review en in oanbefellingsrapport fan in Taskforce, wurdt PS frege om in beslút dêroer.
- Europeeske kontekst** : It yn stân hâlden fan de Fryske Akademy troch it ministearje fan OCW en de provinsje Fryslân is fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019 – 2023 (BFTK). Dêrmei wurdt ynfolling jûn oan kêst 12 'Kulturele aktiviteiten en foarsjennings' fan it troch Nederlân ûndertekene en ratifisearre Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden. Ek yn it troch Nederlân ratifisearre Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden (2005) stiet yn kêst 12 dat der maatregels nommen wurde moatte op it mêd fan ûnderwiis en ûndersyk as befoardering fan de kultuer, skiednis, taal en godstsjinst fan harren nasjonale minderheden (yn Nederlân binne dat de Friezen).

**Koarte gearfetting** : Yn oanrin nei de ûndertekening fan de BFTK hawwe wy besletten in Gateway Review 'Health Check Fryske Akademy' yn te stellen en in Taskforce om advys út te bringen oer de neiere útwurking fan de Gateway Review. Dy Taskforce hat har advysrapport mei oanbefellings op 3 septimber ll. oan ús presintearre en wy hawwe dat op 4 septimber oan PS oanbean. Wy lizze de útwurking fan de advizen yn twa útstellen oan PS foar: dit útstel giet oer de finansjele bydrage oan de FA en in beslút oer de learrings-oerienkomst. Yn 2020 folget in PS-útstel mei in ynhâldlike útwurking fan de advizen. Reden foar separate behandeling is dat de finansjele situaasje om in beslút op koarte termyn freget. De ynhâldlike útwurking freget folle mear tiid en folget sadwaande letter.

- Beslútpunten** :
1. a) Kundskip te nimmen fan de nije liearringsoerienkomst d.d. 2018 tusken de FA en de KNAW wêrby't de FA in oan de KNAW-learre ynstitút bliuwt en dermei yn te stimmen dat de FA gjin ûnderdiel útmeitsje sil fan it ûndersyks- en ynstitutedbestel fan de KNAW;  
b) de neiere foarstellen ta útwurking en oanpassing fan dy oerienkomst en de BFTK 2019 – 2023 ôf te wachtsjen lykas neier útwurke yn de senariokar en dêrby te kiezen foar senario 1.
  
  2. Yn te stimmen mei de begruttingswiziging om:
    - a) foar de reorganisaasjekosten maksimaal ynsidinteele € 350.000 beskikber te stellen en in ynspanningsferplichting te hawwen om te sjen oft it persoanlik fan FA yn de provinsjale organisaasje of op in oar plak ûnderbrocht wurde kin (konfoarm it advys fan de Taskforce).  
  
b) foar fiif jier jierliks € 200.000 ekstra by te dragen oan de FA, boppe-op de provinsjale subsydzje fan € 1,2 miljoen. As betingsten foar it beskikber stellen fan dy finansiering jildt dat:
      - I. De Ried fan Tafersjoch sa gau as mooglik mar uterlik foar de ein fan it twadde fearnsjier fan 2020 in nije direkteur-bestjoerder oanstelt;
      - II. Der in útwreiding fan de Ried fan Tafersjoch komt konfoarm it addendum fan de Taskforce fan 26 septimber 2019, sadat de taken fan de Wittenskipskommisje en de Maatskiplike Advysried dutsen binne. De reguliere terminten fan de leden fan de Ried fan Tafersjoch sille brûkt wurde om ta in fernijde besetting te kommen;
      - III. Sawol de nije direkteur-bestjoerder as de Ried fan Tafersjoch de FA tariede op de neiere beslútfoarming oangeande de ynhâldlike oanbefellings fan de Taskforce;
      - IV. De reorganisaasje trochfierd wurdt;
      - V. De FA tenei mei organisaasjes yn Fryslân gearwurkje moatte sil dy't ek ûndersyk dogge, konfoarm de advizen fan de Gateway Review en de Taskforce. Dy gearwurking moat wjersidige foardielen opsmite foar alle partijen. Dat giet yn alle gefallen oer de Campus Fryslân, Tresoar en it Frysk Sosjaal Planburo. Dy gearwurking is foar alle partijen net frijbliuwend en sil ien kear yn it heal jier mei in rûnetafelpetear moanitoard wurde. Mar ek mei in organisaasje as de Afûk moat fasiliteitere, ynhâldlike gearwurking, mar ek effisjinsy berikt wurde.
      - VI. Uterlik in heal jier nei it oantreden fan de nije direkteur-bestjoerder moatte ôfspraken oer punt V syn beslach krije yn in yntinsje-oerienkomst ynklusyf Plan fan Oanpak. Dêrby giet it net allinnich om effisjinsje oangeande de gearwurking, mar ek om in beskriuwing fan de te beheljen resultaten (kwalitatyf en kwantitatyf). Sintraal dêrby stiet it op Fryslân rjochte ûndersyk, dat de kennis fan en oer Fryslân, mar ek de maatskiplike faloriaasje dêrfan ferbetteret.

VII. De nije direkteur-bestjoerder en de Ried fan Tafersjoch rapportearje dêroer elk fearnsjier skriftlik oan it kolleezje fan DS. Op basis dêrfan sille sy elk fearnsjier in bestjoerlik oerlis hawwe mei de provinsje. Dat mei it each op de nije ôfspraken it karbrief fan de Fryske Akademy wizige wurde moat, yndachtich de ynstimming fan de provinsje Fryslân en de KNAW neffens kêst 31 fan de karbrief

3. Oanbefellingen 6, 7, 8, 9, 10, 11, 12, 13, 15 en 16 fan de Taskforce ien op ien oer te nimmen en om oanbefelling 14 wizige oer te nimmen konfoarm beslútpunt 2.

4. Oanbefellingen 1, 2, 3, 4 en 5 fan de Taskforce op in letter momint yn 2020 yn in apart steateútstel te behanneljen.

5. It ministearje fan OCW, de KNAW en de Fryske Akademy skriftlik oer dit beslút te ynformearjen.

**Taheakke :**

1. Rapport 'Health Check Fryske Akademy' fan OGC Gateway (14 desimber 2018).
2. Advysrapport Taskforce Fryske Akademy (29 augustus 2019).
3. Beantwoording aanvullende vragen Taskforce (26 septimber 2019).
4. Brief KNAW 1581365 reaksje op stânpunt DS (4 oktober 2018).
5. Brief 1581302 fan de provinsje Fryslân oan de KNAW (31 oktober 2018).
6. Brief OCW oangeande finansiering FA (7 oktober 2019).
7. Brief KNAW oangeande tsjinstferliening Fryske Akademy (2 oktober 2019).
8. Liearringsoerienkomst Fryske Akademy – KNAW 2018.
9. Liearringsoerienkomst Fryske Akademy – KNAW 1990.
10. Karbrief Fryske Akademy (2005).
11. Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019 – 2023.
12. Begruttingswiziging by PS-útstel Beslútfoarming liearringsoerienkomst en finansjele posysje Fryske Akademy.
13. Brief DINGtiid oangeande Fryske Akademy (25 oktober 2019).

## Kontekst

### : De wearde fan de Fryske Akademy foar Fryslân

De Fryske Akademy kriget struktureel finansiering fan it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW) en de provinsje Fryslân. Dy mienskiplike finansiering is foar de earste kear fêstlein yn de earste Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer út 1989 (BFTK):

*Letting op de overwegingen in de aanhef van de bestuursafpraak verklaren de minister van Onderwijs en Wetenschappen en gedeputeerde staten van Friesland betekenis te hechten aan wetenschapsbeoefening inzake de Friese taal en cultuur. In verband daarmee stellen zij financiële middelen beschikbaar voor de wetenschapsbeoefening die onder meer de Stichting Fryske Akademy zich statutair tot taak stelt.*

As útwurking fan dy bestjoersôfspraak hat de FA in liearringsoerienkomst ôfsluten mei de KNAW en is de FA sûnt 1 jannewaris 1990 liearre. Yntusken is yn 2018 ek in nije liearringsoerienkomst sletten tusken FA en KNAW (sjoch taheakke liearringsoeringkomsten). Yn de bestjoersôfspraken fan 1994, 2001 en 2013 binne dy ôfspraken hieltyd ferlinge. Op basis dêrfan ferlient de provinsje struktureel subsydze oan de FA foar de útfiering fan har wittenskiplik programma.

Troch de Wet gebrûk Fryske taal (2014) binne it Frysk en it Nederlânsk beide erkend as offisjele talen yn de provinsje Fryslân. Dat betsjut dat de taal brûkt wurde kin yn it bestjoerlik- en rjochtsferkear en boppedat hat de provinsje wetlike taken oangeande it fak Frysk yn it ûnderwiis. Dêrtroch is it fan grut belang om ek wittenskiplike foarsjenningen te hawwen oangeande it Frysk, dy't ûndersyk en ûnderwiis op dat mêd fersoargje kinne. It (Westerlauwersk) Frysk is boppedat in minderheidstaal sûnder achterlân wêrtroch't de ferantwurdlikheid om dat te behâlden (ek) by de provinsje leit.

Wat foar de provinsje ek fan grutte betsjutting is, is dat de FA in maatskiplik doel hat. As wittenskiplike foarsjenning dy't ûndersyk docht nei de taal, skiednis, kultuer en maatskippij hat sy in saneamde falorisearjende wearde oangeande de Fryske taal en kultuer. Dat bart net allinnich op basis fan in strukturele subsydzjerelaasje, mar ek mei ynsidintele opdrachten. Foarbylden dêrfan binne bygelyks de wurdboeken, de stavering fan it Frysk, de taalsurvey's, HisGis, de ûntwikkeling fan en de stipe oan digitale helpmiddels foar it Frysk lykas Taalweb.frl en ferskate apps ensfh. Mar ek oarsoartige ûndersiken yn it ramt fan ekonomysk belied as in *Ekonomyske Fitaliteitsscan* wurde troch de FA útfierd. De FA is dêrmei in wichtich en unyk ûnderdiel fan de ynfrastuktuer fan (Fryske) ynstellingen lykas de Afûk, Tresoar, de RuG ensfh. De needsaak om de gearwurking fuort te sterkjen, is mei op basis fan de ûntwikkeling fan de wetlike taken foar it Frysk as dy oangeande de FA wol folle sterker wurden. Dêr sille wy dan ek sterk op ynsette.

## Probleemstelling

- : Der is op dit stuit sprake fan twa driuwende problemen wêrtroch't de FA neffens ús yn in situaasje fan 'derop of derûnder' telâne kommen is:
1. By de Fryske Akademy is in jierliks finansjeel tekoart fan €350K en is in reorganisaasje needsaaklik. Neffens de mearjierrenbegutting fan de FA kin de organisaasje oant en mei 2021 yntarre op de reserves fan it publyk eigen fermogen.
  2. De liearringsoerienkomst tusken de FA en de KNAW is oan feroaring ta. Dêr is in oantal redenen foar oan te wizen:
    - De feroaring fan in nasjonaal wittenskipsbestel op fersyk fan de Twadde Keamer;
    - It probleem fan de *governance* fan de FA. De FA falt oan de iene kant ûnder de KNAW, mar is oan de oare kant in selsstannige stifting mei in eigen Ried fan Tafersjoch.
    - Yn 2018 hawwe it Ryk en de provinsje de BFTK 2019 – 2023 ûndertekene. Yn de eardere BFTK's waard de liearring tusken de FA en de KNAW altyd bekrêftige, mar sjoen boppesteande ûntwikkelings stiene it Ryk, de KNAW, de FA en de Ried fan Tafersjoch op it stânpunt dat de liearringsoerienkomst oanpast wurde moast. Yn de BFTK is dêr in foarskot op nommen.De oanpassing jildt foar de oerienkomst út 1990 mar ek foar dy fan 2018.

Wy hawwe oer it ynstimmen mei de oanpassing fan de liearringsoerienkomst in tige soarchfâldich beslút nimme wollen. Sadwaande hawwe wy in Gateway Review ynsteld en in Taskforce frege de útkomst fan de Gateway neier út te wurkjen. De útkomst dêrfan wurdt jimme Steaten hjirby foarlein.

## Probleemanalyze

- : **1. Finansjele situaasje Fryske Akademy:**  
De finansiering fan de FA is opboud út trije jildstreamen:
- a. In ryksbydrage (lumpsum) fan €1,4 miljoen dy't OCW fia de KNAW oermakket;
  - b. In provinsjale subsydze (lumpsum) fan €1,2 miljoen;
  - c. In tredde jildstream dy't bestiet út fûnsen, losse projektsjilden, legaten ensafh.
- Mei-inoar hat de begutting fan de FA dêrtroch jierliks in omfang fan gemiddeld € 3,8 miljoen.

Yn de ôfrûne jierren hat de FA gebrûk meitsje kinnen fan ynsidintele middels (lykas de ynset fan reserve en legaten) en hat dêrmei in ambisjeus belied fiere kinne. Dat yn tsjinstelling ta de weromrinnende lumpsum-ynkomsten en oare mear ynsidintele tsjinfallers. Yn 2010 is de FA in besunigingstaakstelling fan 5% oplein troch PS fan € 50.000,- (dy 5% is doe by alle boekjierynstellingen tapast) en yn 2012 in besunigingstaakstelling fan € 52.234,-- keppele oan in ryksbesuniging. Beide bedraggen wiene struktureel per jier, dus ta in hichte fan € 102.234,-- it jier.

De KNAW hat yn 2009 €42K besunige en fan 2010 ôf €89K. It is wol wichtich om oangeande de besunigingen fan it Ryk en de provinsje der rekkening mei te hâlden dat dit net allinnich de FA oangie, mar generyk wie.

Om't der yn de takomst mei minder (strukturele en ynsidintele) middels rekkening hâlden wurde moat, moat it belied oanpast wurde. Yn de ôfrûne pear jier hat soks al faker ûnderwerp fan petear west mei de FA, de Ried fan Tafersjoch, de KNAW en de provinsje. Dêrtroch binne de begruttings wol goedkard, mar it ûnderlizzende probleem (dat de ambysjes net oerienkomme mei de struktureel te ferwachtsjen middels) is noch net oplost.

It mearjierrenbelied lit in struktureel tekoart sjen fan € 3,5 ton op de lumpsum fan € 2,5 miljoen. By ûnferoare belied sil de FA binnen twa jier troch syn fermogen hinne wêze. Dat is it gefolch fan in ûnlykwichtige ferhâlding tusken de lumpsum en it oandiel fêste personielskosten. It natuerlik personielsferrin ôfwachtsje, troch it net opfoljen fan formaasjeplakken nei pensjonearringen en it net ferlingjen fan tydlike kontrakten, sil it tebek rinnen fan it fermogen net opheine kinne. Yn de ôfrûne jierren binne der al in soad goede wittenskippers by de FA fuortgien en it fierder krimpe hat in (noch grutter) negatyf effekt op de wittenskiplike produksje. Dat jildt sawol kwantitatyf as kwalitatyf, om't dy personielsynkrimping benammen by de wittenskiplike stêf syn beslach krije sil. In kwalitatyf heechsteande FA is ommers in wichtich betingst as KNAW-ynstitút. Dêrmei is in situaasje ûntstien dy't op koarte termyn om adekwate beslútfoarming freget.

## **2. De liearringsoerienkomst FA – KNAW**

Yn 1990 is der in liearringsoerienkomst ôfsluten tusken de KNAW en de FA, dy't stelt:

*Met ingang van 1 januari 1990 wordt de Fryske Akademy een aan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) gelieerd instituut...*

Yn de lettere BFTK's is dêr oan tafoege: *en maakt deel uit van de instituten- en onderzoeksorganisatie van de KNAW.* Dy liearring hat in tal wichtige foardielen:

- De FA kin it predikaat 'KNAW-instituut' drage en dat jout har wittenskiplike statuer.
- As KNAW-ynstitút kin de FA mear en gruttere finansjele ûndersyksjilden oanfreegje, lykas by de NWO (Nederlandse Organisatie voor Wetenschappelijk Onderzoek).
- De FA kin gebrûk meitsje fan de fasiliteiten fan de KNAW lykas administrative en finansjele tsjinstferliening, juridyske en arbeidstechnyske stipe ensfh.

Om twa redenen is foarsteld om dy liearringsoerienkomst oan te passen:

- De FA is in selsstannige stifting mei in eigen Ried fan Tafersjoch. Hoewol't de provinsje en de KNAW troch de karbrief fan de FA wol ynfloed hawwe op de beneaming fan



de direkteur-bestjoerder, de leden fan de Rie fan Tafersjoch en it belied wolle de KNAW en OCW dy liearring dochs graach oanpasse. De KNAW skriuwt dêroer:

*In een KNAW-instituut is niet de RvT van de FA in charge, maar het bestuur van de KNAW. Dit is een fundamentele onzuiverheid in de governance, die de KNAW in een onmogelijke positie plaatst. KNAW-instituten zijn instituten onder zeggenschap van de KNAW (zowel inhoudelijk als beheersmatig), waarover het KNAW-bestuur verantwoording moet (kunnen) afleggen aan OCW en evaluatiecommissies. In het geval van de FA gaat de KNAW niet over het beleid en de strategie, noch over de bedrijfsvoering van de FA. De KNAW fungeert in financieel opzicht als doorgeefluik en wij zijn hoe dan ook gehouden om het voor de FA geormerkte geld ongeconditioneerd door te zetten, we kunnen er geen voorwaarden aan verbinden. Verder bewaakt de KNAW de kwaliteit van het wetenschappelijke deel van het werk van de FA (door de wetenschappelijke leden van de RvT te benoemen, de voordracht van WeCo leden (bindend) te toetsen alsmede die van de leden van SEP-commissie). Met name die kwaliteitsrol willen we graag behouden, maar vanuit een zuivere positie.*

(WeCo= Wetenschapscommissie; SEP= The Standard Evaluation Protocol describes the methods used to assess research conducted at Dutch universities and NWO and Academy institutes every six years, as well as the aims of such assessments.)

Dat stânpunt wurdt dield troch OCW.

- De Twadde Keamer hat yn 2016 in portfolio-evaluaasje ynsteld, út te fieren troch de KNAW. De KNAW stelt datoangeande as sintrale fraach:

*Zijn de instituten van NWO en KNAW goed toegerust op nieuwe wetenschappelijke en maatschappelijke uitdagingen? Deze kernvraag staat centraal in de portfolio-evaluatie.*

De KNAW stelt yn har fyzje oangeande it ynstituutbestel en de FA:

*De portfolio-evaluatie werpt haar schaduw ook vooruit: in 2018 zijn gesprekken gestart over de organisatorische inbedding van drie instituten met een 'status aparte', namelijk de Fryske Akademy en het Rathenau Instituut (die beiden een eigen bestuur/Raad van Toezicht hebben) en het Spinoza Centre for Neuroimaging (dat een samenwerkingsverband tussen Amsterdamse partners betreft). Vooruitlopend op de besluitvorming worden deze instituten niet in de portfolio-evaluatie meegenomen.*

De KNAW hat de FA net meinaam yn de portfolio-evaluaasje en fansels moat de fraach steld wurde 'wat as dat wol dien wie'? Wat soe it resultaat wêze as de FA oan de KNAW-standert foldwaan moatte soe? Dy fraach is ek foarlein oan

de Taskforce en dy besjocht soks as in serieuus risiko foar de FA:

*Vraag: Indien de Fryske Akademy op dit moment een KNAW-instituut blijft en volgens de huidige KNAW-normen getoetst zou worden, zou de Fryske Akademy op basis daarvan volgens uw inschatting dan een KNAW-instituut kunnen blijven of zakt de FA dan onder de vereiste normering?*

*Antwoord: Naar de mening van de commissie zou de Fryske Akademy op dit moment een serieuus risico lopen niet te voldoen aan de normen die in het huidige systeem worden toegepast op KNAW-instituten.*

Hoewol't wy (en PS) feitlik it foech net hawwe om dêroer te besluten, hawwe wy fia de BFTK en de karbrief fan de FA dêr wol ynfloed op. Yn de nijste BFTK hawwe wy in nije liearing noch net opnimme wollen, mar earst in Gateway Review ynsteld om ta in goed ûnderboud en takomstbestindich beslút komme te wollen. Sawol de Gateway as de Taskforce advisearje om yn te stimmen mei in nije liearingsoerienkomst tusken de FA en de KNAW. Op 2 july 2018 hawwe FA en KNAW al de hântekening ûnder in nije liearingsoerienkomst set, wêrby't de provinsje dus gjin partij is. Dy nijste oerienkomst is net ferwurke yn de oerienkommen BFTK.

Yn it Fryske fjild binne in tal belutsen persoanen en organisaasjes dy't harren fersette tsjin de oanpassing fan de liearingsoerienkomst. Harren beswieren binne gear te fetsjen yn:

- Mei it ferliezen fan de hjoeddeiske liearing ferdwynt de FA út de earedivyze fan wittenskiplik Nederlân en degradearret sy nei in soart fan haadklasse.
- It ferliezen fan it hjoeddeiske predikaat is it 'begjin fan 'e ein'. De KNAW wol eins fan de FA ôf en dit is de earste stap.
- De finansjele posysje fan de FA komt op dy wize faai te stean.

It ministearje fan OCW, de KNAW, de Ried fan Tafersjoch en de FA bestride dy beswieren. De KNAW jout oan dat sy alle tsjinsten leverjen bliuwe oan de FA dy't sy no ek krije, dat de FA noch hieltyd it predikaat 'KNAW' drage mei en dat de FA ek yn de nije situaasje gebrûk meitsje kin fan de wittenskiplike fûnsen lykas dy fan de NWO. Boppedat smyt in nije liearing foardielen op foar de FA, om't sy net mear twongen gebrûk hoecht te meitsjen fan de administrative en finansjele wurkwize fan de KNAW dêr't de FA eins net hiel goed yn past. De KNAW hat ek oanjûn dat as der gjin nije liearingsoerienkomst komt dêr't de provinsje mei ynstimme wol, sy har opdracht oangeande de FA dan weromjout oan OCW. Dêrmei ferliest de FA alles wat sy mei in fernijde liearingsoerienkomst noch wol hieltyd oanbean krije.

**Doelstelling / beëage  
effekten:**

: Wy hawwe yn septimber 2018 besletten om in Gateway Review oer de FA te hâlden. It ûndersyk fan de Gateway Health Check is útfierd op basis fan de neikommende fraachstelling:

*“In hoeverre is er een gedeelde ambitie en gevoel van belang en betrokkenheid om een toekomstbestendige Fryske Akademy mogelijk te maken? En hoe kunnen wij dat (middels een goede governance) realiseren?”*

Op basis fan djipteynterviews mei 23 (yn mear of mindere mate) belutsen persoanen en de bestudearring fan ynhâldlike dokuminten, hat it reviewteam fiif oanbefellings dien. Harren haadkonklúzje is as neikomt:

*“De balans tussen het beoogde doel en de daarvoor ingezette middelen wordt als niet-optimaal ervaren. Door middel van ingrijpende aanpassingen in de balans kan deze geoptimaliseerd worden. Waarbij een beperkt aantal aanpassingen betrekking heeft op fundamentele aspecten. Het verdient aanbeveling om in eerste instantie aandacht te besteden aan de fundamentele aspecten”.*

Fan de fiif oanbefellings binne der trije **krityk** (doch fuortendaliks) en twa **essensjeel** (doch meikoarten).

1. Zorg als provincie voor een meer zakelijke en professionele relatie met de FA. Hierin dient rolvastheid plaats te krijgen met helderheid van planning, resultaatdefiniëring en verantwoording van de financiële middelen die beschikbaar worden gesteld, met inbegrip van een duidelijke stuur- en verantwoordingsrelatie. **Kritiek**
2. Neem als provincie de verantwoordelijkheid om samen met de Fryske Akademy te komen tot:
  1. Een inhoudelijke meerjarige programmering die in lijn is met de visie van de provincie op het gebied van taal en cultuur en aansluit bij de wetenschappelijke eisen van de KNAW en
  2. Eenduidige en gedeelde samenwerkingsafspraken, waarbij ook de samenwerking en afstemming met andere provinciale en academische instituten wordt meegenomen. **Kritiek**
3. Zorg er als provincie voor dat de inhoudelijke programmering van de onderzoeken bij de Fryske Akademy, Tresoar en de provincie zelf op elkaar zijn afgestemd een worden gekoppeld aan het bovenliggende doel op het gebied van taal, cultuur en geschiedenis en onderwijs. **Essentieel**

4. Stuur als provincie op het leggen van (inter)nationale samenwerkingsverbanden van de Fryske Academy op het gebied van meertaligheid en minderheidstalen en vergroot daarmee de kans op hoogwaardig multidisciplinair academisch onderzoek, praktische bruikbaarheid en het benutten van Europese en andere financieringsbronnen. **Essentieel**
5. Honoreer als provincie het verzoek om het financiële tekort van 2018 (ongeveer K€350) op te vangen onder voorwaarde dat de beoogde transitie zoals bedoeld in aanbevelingen 1 t/m 4 vanaf januari 2019 daadwerkelijk invulling krijgt. **Kritiek**

Wy werkenne en erkenne de analyse fan de Gateway Review, dy't oanjout dat de oanstjoering en de rolfêstheid by de FA net goed west hat. Wy lûke ús dat oan en fine dat soks ferbettere wurde moat. It Gateway Rapport wie foar ús oanlieding om in Taskforce te beneamen dy't de befinings neier útwurkje soe yn in ynhâldlik advys. De feitlike doelstelling is eins it bêste omskreaun yn de opdracht dy't de Taskforce meikrigen hat:

*Op welke wijze kan de Fryske Academy als toekomstbestendig en robuust wetenschappelijk instituut worden (her)ingericht, met inachtneming van de aanbevelingen van de Gateway Review en de analyse van de betrokken geledingen? Hoe en ten aanzien van welke vakinhoudelijke disciplines kan en moet de Fryske Academy haar rol invullen om over specifiek Friese thema's wetenschappelijk onderzoek te verrichten, inhoudelijke advisering te geven en producten te leveren? Daarbij is de unieke kennis en kunde van de Fryske Academy van groot belang, maar ook een versterkte en blijvende samenwerking met andere (wetenschappelijke) instellingen en organisaties op (inter)nationaal niveau om zo een sterke Friese kennisinfrastructuur neer te zetten.*

Dat advys hat de Taskforce (besteande út prof. dr. K. Hengeveld, dr. A. Galema, drs. S. Smit en G. Gerbrandy) op 3 septimber II. oan ús presintearre. Dy oanbefellings binne:

#### **Samenvatting van de aanbevelingen Taskforce**

1. De **Provincie** ontwikkelt een eigen Kennis- en Wetenschapsbeleid. Hierin wordt de mogelijkheid voor samenwerking in één academisch netwerk geborgd.
2. De **Provincie** benoemt hiertoe op permanente basis een adviseur met groot wetenschappelijk aanzien en bestuurlijke ervaring.

3. De **Provincie** brengt het Kennis- en Wetenschapsbeleid en de zorg voor alle kennis-instellingen in Friesland onder in de portefeuille van één gedeputeerde.
4. De **Provincie** hevelt haar eigen onderzoeksformatie, inclusief het bijbehorende budget, over naar de relevante kennisinstellingen.
5. De **Provincie** neemt het initiatief om de door haar mede-gefinancierde leerstoel Fries aan de RUG alsmede de opleiding Frysk van de RUG te verplaatsen naar de Campus Fryslân.
6. Het **Ministerie van OCW** maakt haar financiële bijdrage voor de Fryske Akademy voortaan over aan de Provincie.
7. De Fryske Akademy is niet langer een KNAW-instituut, maar een aan de **KNAW** gelieerd instituut.
8. De **KNAW** blijft alle gewenste diensten leveren aan de Fryske Akademy.
9. De **Fryske Akademy** gaat meer investeren in het samenwerken met andere kennisinstellingen in de regio en laat dat inhoudelijk continue weten aan de Friese samenleving.
10. De **Fryske Akademy** houdt een open oog voor nieuwe mogelijkheden voor onderzoeksprojecten, aansluitend op de maatschappelijke actualiteit en de wetenschappelijke ontwikkelingen. Daarbij worden nieuwe onderzoeksgebieden niet geschuwd.
11. De **Fryske Akademy** richt haar interne organisatie zo plat en flexibel mogelijk in, en versterkt de projectmatige organisatie van het onderzoek.
12. De **Fryske Akademy** zorgt er via een reorganisatie voor dat het structurele tekort van 350.000 euro wordt weggewerkt, door te bezuinigen op het ondersteunend personeel.
13. De **Provincie** ondersteunt het reorganisatieproces van de Fryske Akademy en stelt eenmalig maximaal 500.000 euro ter beschikking om de reorganisatiekosten te dekken.
14. Bij een succesvolle reorganisatie zoals in de vorige twee punten benoemd, verhoogt de **Provincie** haar bijdrage aan de Fryske Akademy met 500.000 euro.
15. De **Fryske Akademy** gebruikt deze middelen in eerste instantie om een flexibele schil van tijdelijke formatie te creëren om nieuwe onderzoekslijnen in te kunnen zetten.
16. De **Fryske Akademy** is er daarna aan gehouden om ten allen tijde 25% van haar wetenschappelijke formatie via tijdelijke contracten in te vullen.

De oanbefellings fan de Taskforce binne eins yn trije kategoryen gear te fetsjen:

- A. De formele relaasje tusken FA en KNAW (de lear-ringsoerienkomst) moat oanpast wurde, mar ek de (finansierings)struktuer tusken FA en OCW fia de KNAW. Tenei soe dat fia de provinsje rinne moatte.
- B. De finansjele situaasje by de FA freget om maatregels op de koarte termyn. In finansjele en organisatoaryske reorganisaasje is dêrby tige needsaaklik.
- C. De provinsje moat in eigen Kennis- en Wittenskipsbe-  
lied ûntwikkelje, har ynterne organisaasje op dat mêd besjen moatte mar ek har eksterne relaasje mei de FA en oare (subsidiearre) ynstituten.

Oangeande de punten A en B is it needsaaklik dat der gau beslútfoarming is. Yn it foarste plak hat de FA ommers jierliks in tekoart fan €350K dêr't gau in oplossing foar komme moat. Twads: yn it ramt fan de BFTK hawwe Ryk en provinsje ôfpraat om yn de simmer fan 2019 sjen te sille nei feroarings yn de aard fan de ferbining tusken FA en KNAW. De ynhâldlike útwurking fan kategory C freget om in deeglike tarieding en is te kompleks om op deselde koarte termyn oan PS foarlizze te kinnen. Dêrom wurdt yn dit PS-útstel in knip makke: yn 2019 noch beslútfoarming oer de punten A en B en letter oangeande punt C.

## Risiko's

- : - De Taskforce skat de ynhâldlike beoardieling fan de FA neffens de noarmen fan de KNAW as in serieuus risiko. Dêrmei soe de FA op basis fan wittenskiplike kwaliteit har KNAW-predikaat ferlieze. Hanthavenjen fan de hjoeddeiske situaasje wurdt dêrmei noch ûnwierskynliker.

*Vraag: Indien de Fryske Akademy op dit moment een KNAW-instituut blijft en volgens de huidige KNAW-normen getoetst zou worden, zou de Fryske Akademy op basis daarvan volgens uw inschatting dan een KNAW-instituut kunnen blijven of zakt de FA dan onder de vereiste normering?*

*Antwoord: Naar de mening van de commissie zou de Fryske Akademy op dit moment een serieus risico lopen niet te voldoen aan de normen die in het huidige systeem worden toegepast op KNAW-instituten.*

- Oan de Taskforce is de fraach steld oft de kwaliteitsbewaking troch de KNAW (en dêrmei de posysje fan de FA yn de earedyvyzje fan de wittenskip) allinnich oerein hâlden wurde kin troch in learringsoerienkomst mei de KNAW. Dat tinkt de Taskforce fan net en skriuwt dêroer: *Kwaliteitsbewaking van onderzoek vindt plaats met betrekking tot alle instellingen in Nederland waar onderzoek wordt verricht, waaronder ook de Nederlandse universiteiten. Slechts een zeer klein deel van deze instellingen is een KNAW-instituut, en onder het andere, veel grotere deel,*

*bevinden zich ook veel internationaal toonaangevende onderzoeksinstituten, die men gerust tot de eredivisie mag rekenen. Het is dus niet zo dat de Fryske Akademy alleen onder de vlag van de KNAW in die eredivisie kan meespelen. De KNAW heeft verder wel een belangrijke stem in de kwaliteitsbewaking van het onderzoek in Nederland, maar voert zelf geen onderzoekvisitaties uit. Deze taak wordt veelal uitgevoerd door het QANU. Net als in het verleden kan de KNAW ook in de toekomst adviseren over de samenstelling van de visitatiecommissie en de te volgen procedure, en zo mede zorgdragen voor een goed evaluatieproces.*

Nei oanlieding fan de Gateway Review en it Taskforce-rapport, hat de provinsje oerlein mei it ministearje fan OCW (sjoch ek taheakke brief fan OCW). Har stânpunten komme del op it folgjende:

- OCW is ree om de bydrage oan de FA net mear fia de KNAW rinne te litten, mar fan 2021 ôf as desintralisaasjeúttering fia it provinsjefûns;
- OCW stelt as betingst dat de FA en de KNAW uterlik yn 2019 in fernijde liearringsoerienkomst slute;
- OCW is net ree om har bydrage fan €1,4 miljoen te ferheegjen en/of om by te dragen yn de reorganisaasjekosten. Sy stelt dat har finansjele bydrage oan de FA no al heger is as dy fan de provinsje. Yn 2013 hat OCW besunige en fanwege it bysûndere belang fan de Fryske taal en kultuer is der by de FA doe minder besunige as by de oare KNAW-ynstituten.

#### **Probleemoplossing**

#### **: 1. Finansjele situaasje Fryske Akademy:**

Oangeande de takomst fan de Fryske Akademy en ús doelstellings om fan de FA in takomstbestindich en robúst ynstitút te meitsjen, binne der nei ús oardiel trije senario's mooglik.

**Senario 1:** De besteande finansjele bydrage fan de provinsje hanthavenje op it hjoeddeiske nivo fan €1,2 miljoen. De begrutting kin dan allinnich slutend makke wurde troch in strukturele besuniging troch te fieren fan €350K want it Ryk hat oanjûn gjin ekstra finansiering foar de FA beskikber te hawwen. It Ryk stelt boppedat dat sy jierliks €200K mear jouwe as de provinsje. Yn dat senario is de finansjele en organisatoaryske slachkracht fan de FA feitlik te lyts. Om in stevigere projektorganisaasje del te setten, en dêrmei libbensfetber te wêzen, is in gruttere wittenskiplike stêf tige needsaaklik. De FA komt yn dit senario yn in 'sterfhuis-constructie' telâne. Der sil dan wol in FA bestean bliuwe kinne, mar net takomstbestindich en robúst. It wurdt krekt útklaaid en sil ferwurde ta in soart fan âldheidskeamer sûnder wittenskippers fan nivo of de mooglikheid om taal- en skiedkundige topprodukten te leverjen. Dit alternatyf stypje wy net, ek omdat wy de Taskforce in opdracht jûn hawwe om

mei in advys te kommen om de FA robúst en takomstbestindich delsette te kinnen.

**Senario 2:** De besteande finansjele bydrage fan de provinsje tydlik (foar fiif jier) te ferheegjen fan €1,2 miljoen yn 't jier nei €1,4 miljoen. Dêrmei lûkt de provinsje har bydrage (tydlik) gelyk mei de hichte fan de ryksbydrage. In perioade fan fiif jier is minimaal needsaaklik om't de FA ek driuwend ferlet hat fan in nije direkteur-bestjoerder (begjin 2018 is der in ynterim direkteur-bestjoerder oansteld nei it opsizzen fan it fertrouwen yn de foarige). In direkteur-bestjoerder wurdt oansteld foar in perioade fan fiif jier en de ûnderfining is, dat dy posysje lestich te ferfoljen is. As de nije bestjoerder gjin perspektyf bean wurdt troch foar minimaal fiif jier ekstra finansiering beskikber te hawwen, achtsje wy de kâns tige lyts dat der in reewillige kandidaat fûn wurdt dy't oan in opdracht begjinne sil dy't yn it foar as frij ûnmooglik beskôge wurdt. Yn dy fiif jier moat de FA dan sjen litte hoe't sy har as nije organisaasje ûntwikkelje kin. Neist de bydrage fan €1 miljoen foar fiif jier soe yn dit senario de provinsje ek in reorganisaasjebudzjet fan maksimaal € 350.000 beskikber stelle moatte, mei in ynspanningsferplichting om te sjen oft it persoanel fan de FA yn de provinsjale organisaasje of op in oar plak ûnderbrocht wurde kin (konfoarm it advys fan de Taskforce).

**Senario 3:** De finansjele oanbefellings fan de Taskforce folslein opfolgje. Dat wol sizze ienmalich in reorganisaasjebydrage fan €500K jaan en in strukturele ferheging fan de provinsjale subysdzje mei €500K yn it jier. Dêrmei kinne de oare oanbefellings fan de Taskforce ek útfierd wurde. Dat is net ús foarkarsopsje fanwege:

- finansjele reden: dêr is binnen de provinsjale begrutting gjin rekken mei hâlden en soks hat langjierrige gefolgen;
- de FA kriget fiif jier de kâns om sjen te litten hoe't sy har bewize yn de nije en reorganisearre situaasje. Nei fiif jier hifket de provinsje op 'e nij om te sjen hoe't de FA him dan posisjonearre hat en oft der dan noch oanfoljende middels nedich binne.

NB: de FA sil nei alle gedachten ynbringe dat sy har op heale kracht bewize moat en dat soks in frij ûnmooglike opdracht is. De FA skriuwt yn har missy en fyzjistik oangeande de finansjele oanbefelling troch de Taskforce:

*Dat het nodig is om het budget structureel te verhogen blijkt uit een vergelijking van de lumpsum 2009 met die van 2019. Als we naast de opgelegde korting en ook rekening houden met de stijging van de loonkosten dan zien we dat het beschikbare budget nu een kwart lager is dan tien jaar geleden. Wil men de FA terug de financiële armslag en mogelijkheden van 2009 geven, dan zou het budget met 650.000 € verhoogd moeten worden.*



Dat wurdt net oan PS foarsteld omdat de koarting ek by oare ynstellings tapast is en it weromdraaien soe in presedint skeppe kinne. De FA is yn 2012 koarten mei € 52.234. Ek is der mei dy bedraggen gjin rekken hâlden binnen de provinsjale begutting en soks hat langjierrige gefolgen.

## 2. De liearringsoerienkomst:

**Senario 1:** Ynstimme mei it ferwurkjen fan de nije liearringsoerienkomst tusken de FA en de KNAW yn de ôfspraken yn it ramt fan de BFTK. Dêrmei wurde de advizen fan de Gateway Review en de Taskforce opfolge en de feitlike situaasje formalisearre. De garânsjes dy't wy hawwe wolle oangeande de wittenskiplike fisitaasje, it gebrûk meitsjen fan de fasiliteiten fan de KNAW en de takomstige boarging moatte troch it Ryk en de provinsje fêstlein wurde yn it ramt fan de BFTK. Troch de nije liearringsoerienkomst wurdt it probleem fan de governance by de FA oplost. Op 2 july 2018 hawwe de KNAW en de FA al in nije liearringsoerienkomst ûndertekene, dy kin dan definityf oanpast wurde oan de nije situaasje (lykas de oanbefellings fan de Taskforce) en troch de provinsje bekrêftige wurde.

**Senario 2:** Net ynstimme mei it ferwurkjen fan de nije liearringsoerienkomst tusken de FA en de KNAW yn it ramt fan de BFTK, mar dat advisearje wy net:

- De âlde liearringsoerienkomst is gjin garânsje tsjin it weromrinnen fan de wittenskiplike kwaliteit en de minne finansjele situaasje. Dat is mei dy liearring no ommers ek oan de hân.
- De KNAW hat oanjûn dat wannear't der net ynstimd wurdt, sy net oars kinne as har opdracht oangeande de FA wer werom te jaan oan OCW. Alle wittenskiplike, ynhâldlike en fasiliteire tsjinstferliening stiet dan faai.
- De mooglikheid foar de FA om oanfragen te dwaan by finansieringsboarnen foar wittenskiplik ûndersyk binne dan nei alle gedachten net (samar) mear tagonklik.
- OCW dielt de winsk om de liearring oan te passen en dêrmei it governanceprobleem op te lossen.
- De direksje fan de FA en de Ried fan Tafersjoch jouwe oan dat it needsaaklik is om fierder te kinnen en dat kin eins allinnich as der in oare wurkwize ûntstiet op basis fan in nije liearring.
- It weromfallen op de oerienkomst út 1990 is gjin opsje. Yn de BFTK 2019 – 2023 hawwe Ryk en provinsje al oanjûn dat feroarings yn aard en ferbining kommandewei binne. Tsjinstanners jouwe oan dat de provinsje net tajaan moat oan de druk fan de KNAW, mar mei OCW oerienkomme moat om it te hâlden by it âlde. OCW hat al folle langer te kennen jûn dat sy dat net wolle en foar oanpassing binne.
- De tsjinstanners jouwe net oan wêrom't de liearringsoerienkomst út 1990 hanthavene wurde moat, wylst de FA ek al de garânsje jout dat it keurmerk, de subsydzjejilden en de fasiliteiten beskikber bliuwe. Dêrmei liket it mear in prinsipekwestje te wêzen.

**Foarkaroplossing/  
Yntegrale ôfwaging**

**: 1. Finansjele situaasje Fryske Akademy:**

Wy stelle PS foar om foar senario 2 te kiezen, op basis fan boppesteande motivaasje.

**2. De liearringsoerienkomst:**

Wy stelle PS foar om foar senario 1 te kiezen, op basis fan boppesteande motivaasje.

**Útfiering**

**: 1. Finansjele situaasje Fryske Akademy:**

a) foar de reorganisaasjekosten maksimaal ynsidinteele € 350.000 beskikber te stellen en in ynspanningsferplichting te hawwen om te sjen oft it persoanlik fan de FA yn de provinsjale organisaasje of op in oar plak ûnderbrocht wurde kin (konfoarm it advys fan de Taskforce).

b) De provinsje sil foar fiif jier (2020 – 2024) jierliks € 200.000 ekstra bydrage oan de FA, boppe-op de provinsjale subysydje fan € 1,2 miljoen. As betingsten foar it beskikber stellen fan dy finansiering jildt dat;

- I. De Ried fan Tafersjoch sa gau as mooglik mar uterlik foar de ein fan it twadde fearnsjier fan 2020 in nije direkteur-bestjoerder oanstelt;
- II. Der in útwreiding fan de Ried fan Tafersjoch komt konfoarm it addendum fan de Taskforce fan 26 septimber 2019, sadat de taken fan de Wittenskipskommisje en de Maatskiplike Advysried dutsen binne;
- III. Sawol de nije direkteur-bestjoerder as de Ried fan Tafersjoch de FA taryede op de neiere beslútfoarming oangeande de ynhâldlike oanbefellings fan de Taskforce;
- IV. De reorganisaasje trochfierd wurdt;
- V. De FA tenei mei organisaasjes yn Fryslân gearwurkje moatte sil dy't ek ûndersyk dogge, konfoarm de advizen fan de Gateway Review en de Taskforce. Dy gearwurking moat wjersidige foardielen opsmite foar alle partijen. Dat giet yn alle gefallen oer de Campus Fryslân, Tresoar en it Frysk Sosjaal Planburo. Dy gearwurking is foar alle partijen net frijbliuwend en sil ien kear yn it heal jier mei in rûnetafelpetear moanitoard wurde. Mar ek mei in organisaasje as de Afûk moat fasiliteere, ynhâldlike gearwurking, mar ek effisjinsy berikt wurde.
- VI. Uterlik in heal jier nei it oantreden fan de nije direkteur-bestjoerder moatte ôfspraken oer punt V syn beslach krije yn in yntinsje-oerienkomst ynklusyf Plan fan Oanpak. Dêrby giet it net allinnich om effisjinsje oangeande de gearwurking, mar ek om in beskriuwing fan de te

- beheljen resultaten (kwalitatyf en kwantitatyf). Sintraal dêrby stiet it op Fryslân rjochte ûndersyk, dat de kennis fan en oer Fryslân, mar ek de maatskiplike faloriaasje dêrfan ferbetteret.
- VII. De nije direkteur-bestjoerder en de Ried fan Tafersjoch rapportearje dêroer elk fearnsjier skriftlik oan it kolleezje fan DS. Op basis dêrfan sille sy elk fearnsjier in bestjoerlik oerlis hawwe mei de provinsje.
- VIII. Dat mei it each op de nije ôfspraken it karbrief fan de Fryske Akademy wizige wurde moat, yndachtich de ynstimming fan de provinsje Fryslân en de KNAW neffens kêt 31 fan dat karbrief.

c) Mei it Ryk sil in ôfspraak makke wurde oangeande de beskikking fan de rykssubsydzje oan de FA, dy't tenei fia it provinsjefûns útbetelle wurde sil.

## **2. De liearringsoerienkomst:**

Nei ynstimmende beslútfoarming troch PS sil oan de FA en de KNAW frege wurde om de fernijde liearringsoerienkomst fan 2 july 2018 by de tiid te bringen en te ûndertekenjen. Ryk en provinsje sille dat skriftlik befêstigje en dat as ûnderdiel fan de BFTK 2019 – 2023 beskôgje.

### **Monitoaring/evaluaasje : Tafersjoch troch de provinsje**

- De KNAW, de Ried fan Tafersjoch, de direkteur-bestjoerder fan de FA en de provinsje hâlde ien kear yn it jier in saneamd tripartite oerlis. Haadûnderwerpen binne it belied by de FA en de kwaliteit fan wittenskiplik ûndersyk;
- Wichtich is dat de Ried fan Tafersjoch soarget dat der yn 2020 sa gau as mooglik in nije direkteur-bestjoerder oansteld wurdt. Uterlik in heal jier nei syn/har oantreden moatte ôfspraken oer de útwurking fan de oanbefellings fan de Taskforce en spesifyk de gearwurking mei de Fryske kennis- en wittenskiplike ynstituten syn beslach krije yn in yntinsje-oerienkomst, mei in neiere útwurking yn in Plan fan Oanpak. Dêrby giet it net allinnich om effisjinsje oangeande de gearwurking, mar ek om in beskriuwing fan de te beheljen resultaten (kwalitatyf en kwantitatyf). Sintraal dêrby stiet it op Fryslân rjochte ûndersyk, dat de kennis fan en oer Fryslân, mar ek de maatskiplike falorisaasje dêrfan ferbetteret. De foardielen fan dy gearwurking moatte jilde foar alle partijen.
- De Ried fan Tafersjoch ynformearret de provinsje alle fearnsjierren skriftlik en nei oanlieding dêrfan hawwe provinsje en de Ried fan Tafersjoch fjouwer kear yn it jier bestjoerlik oerlis oer de fuortgong;
- Minimaal seis kear yn it jier hawwe de provinsje en de FA amtlik oerlis wêrby't de FA rapportearret oer de fuortgong;

**Stjoering** : - Under bestjoerlik foarsitterskip fan de provinsje sille yn 2020 rûnetafelpetearen organisearre wurde mei de belutsen kennis- en wittenskiplike ynstellingen. Doelstelling dêrfan is dat de provinsje mei de ynstellingen besjocht en bepaalt hoe't de fokus op en de bydrage oangeande it Frysk eigene yn Fryslân en as Europeeske regio mei-inoar fuortsterke wurde kin.  
- PS sil ien kear yn it jier skriftlik ynformearre wurde oer de fuortgong, nei it tripartite oerlis.

**Ferfolchproseduere** : Lykas by de 'koarte gearfetting' oanjûn is folget yn 2020 in PS-útstel mei in ynhâldlike útwurking fan de advizen. Reden foar separate behandeling is dat de finansjele situaasje om in beslút op koarte termyn freget. De ynhâldlike útwurking freget mear tiid en folget sadwaande letter.

**Oare punten** : Wetlike ferankering FA:  
Fanút ferskate rûnten is ynbrocht om de FA in wetlike ferankering te jaan. Yn oerlis mei OCW is dat idee ferkend, mar OCW jout oan dat soks perfoarst net mooglik is. De iennige oare ynstututen dy't in wetlike ferankering hawwe, binne de KNAW en NWO. Foar de FA kin gjin útsûndering makke wurde, ek net op basis fan de posysje fan de Fryske taal. By de lêste besuniging yn 2013 is de FA om dy reden krekt minder koarten, mar fierder as dat kin OCW net gean.

Oerpleatse Akademy-personiel:

De Taskforce hat oanjûn dat de provinsje ek bydrage kin yn de reorganisaasje, troch û.o. it oernimmen fan personiel fan de FA:

*De Provincie zou haar hulp en ondersteuning moeten aanbieden bij de uitvoering van deze reorganisatie en zou daarnaast eenmalig een taakstellend budget van maximaal 500.000 euro ter beschikking moeten stellen om de reorganisatiekosten te dekken. Dit bedrag kan proportioneel kleiner worden naarmate het de Provincie beter lukt om medewerkers van de Fryske Akademy in haar eigen organisatie of elders onder te brengen.*

Yn it ljocht fan de taakstelling by de provinsje om de personele kapasiteit krimpe te litten is dit in dreech te realisearjen doelstelling, mar it sil wol besjoen wurde.

Karbrief:

Nei it oanpassen fan de liearringsoerienkomst moat de karbrief fan de FA ek noch oanpast wurde. Dêr hat de provinsje in formele rol yn neffens kêst 31 fan dat karbrief.

Ried fan Tafersjoch:

De Ried fan Tafersjoch hat in wichtige taak by it ta stân kommen fan de nije, libbensfetbere en stabile organisaasje fan de Fryske Akademy. De RfT sil ek soargje moatte foar kontinuïteit, om't der in nije direkteur-bestjoerder oansteld wurde moat yn stee fan de hjoeddeiske ynterim-direkteur. Neist it feit dat de RfT de kontinue faktor wêze sil fanút de oanstjoering besjoen, is it ek de taak fan de RfT om te soargjen foar dy oanstelling. Oangeande de advizen fan de Taskforce sil de RfT de FA tariede moatte op in nije wurkwize, lykas de gearwurking mei oare kennisynstellingen yn de regio en de ynrjochting fan de wittenskiplike formaasje by de FA.

De RfT hat de ôfrûne jierren de urginsje en it belang fan de nije liearringstruktuer erkend en in soad tiid en enerzjy stutsen om in gearwurking mei de KNAW ta in konstruktive oplossing te kommen. Dy tawijing hat de RfT ek útsprutsen oangeande de takomstige situaasje, as dêr troch in beslút troch de provinsje de mooglikheid ta bean wurdt.

De provinsje is de RfT dêr erkentlik foar en sjocht dat de kennis en ekspertize binnen de RfT fan grut belang is en bliuwt. Op basis fan konstruktif oerlis en prestaasjeôfspraken wol de provinsje mei de RfT en de nije direkteur-bestjoerder ynfolling jaan oan de winsk om fan de FA wer in takomstbestindich en robúst ynstitút te meitsjen.

Ljouwert,  
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok , foarsitter

R. Bouius-Riemersma MBA MCM , sekretaris

## UTSTEL

**Underwerp** : **Beslútfoarming liearringsoerienkomst en finansjele posysje Fryske Akademy**

### Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 5 novimber, nr. 01702358 oangeande de liearringsoerienkomst en de finansjele posysje fan de Fryske Akademy Mei it each op:

- De driuwende finansjele en organisatoaryske situaasje by de Fryske Akademy;
- De ôfspraken oangeande de Fryske Akademy yn haadstik 5 fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer, wêryn't feroarings yn de aard en ferbining tusken de Fryske Akademy en de KNAW oankundige binne;

Oerwagende dat : - De provinsje Fryslân har deeglik advisearre litten hat oangeande de Fryske Akademy troch in Gateway Review en advys fan de Taskforce;  
- It ministearje fan OCW en de KNAW stânpunten en skriftlike reaksjes ynbrocht hawwe;  
- Wy mei dit útstel stipe jaan wolle, mar dat it wol derop of derûnder is foar de FA;

**Beslute** : 1. a) Kundskip te nimmen fan de nije liearringsoerienkomst d.d. 2018 tusken de FA en de KNAW wêrby't de FA in oan de KNAW-learre ynstitút bliuwt en dermei yn te stimmen dat de FA gjin ûnderdiel útmeitsje sil fan it ûndersyks- en ynstitutebestel fan de KNAW;  
b) de neiere foarstellen ta útwurking en oanpassing fan dy oerienkomst en de BFTK 2019 – 2023 ôf te wachtsjen lykas neier útwurke yn de senariokar en dêrby te kiezen foar senario 1.

2. Yn te stimmen mei de begruttingswiziging om:  
a) foar de reorganisaasjekosten maksimaal ynsidinteele € 350.000 beskikber te stellen en in ynspanningsferplichting te hawwen om te sjen oft it persoaniel fan de FA yn de provinsjale organisaasje of op in oar plak ûnderbrocht wurde kin (konfoarm it advys fan de Taskforce).

b) foar fiif jier jierliks € 200.000 ekstra by te dragen oan de FA, boppe-op de provinsjale subsydje fan € 1,2 miljoen. As betingsten foar it beskikber stellen fan dy finansiering jildt dat;

- I. De Ried fan Tafersjoch sa gau as mooglik mar uterlik foar de ein fan it twadde fearnsjier fan 2020 in nije direkteur-bestjoerder oanstelt;
- II. Der in útwreiding fan de Ried fan Tafersjoch komt konfoarm it addendum fan de Taskforce fan 26 septimber 2019, sadat de taken fan de Wittenskiplike Advysried dutsen binne. De reguliere terminen fan de leden fan de Ried fan Tafersjoch sille brûkt wurde om ta in fernijde besetting te kommen;
- III. Sawol de nije direkteur-bestjoerder as de Ried fan Tafersjoch de FA tariede op de neiere beslútfoarming oangeande de ynhâldlike oanbefellings fan de Taskforce;
- IV. De reorganisaasje trochfierd wurdt;
- V. De FA tenei mei organisaasjes yn Fryslân gearwurkje moatte sil dy't ek ûndersyk dogge, konfoarm de advizen fan de Gateway Review en de Taskforce. Dy gearwurking moat wjersidige foardielen opsmite foar alle partijen. Dat giet yn alle gefallen oer de Campus Fryslân, Tresoar en it Frysk Sosjaal Planburo. Dy gearwurking is foar alle partijen net frijbljuwend en sil ien kear yn it heal jier mei in rûnetafelpetear moanitoard wurde. Mar ek mei in organisaasje as de Afûk moat fasiliteitere, ynhâldlike gearwurking, mar ek effisjinsy berikt wurde.
- VI. Uterlik in heal jier nei it oantreden fan de nije direkteur-bestjoerder moatte ôfspraken oer punt V syn beslach krije yn in yntinsje-oerienkomst ynklusyf Plan fan Oanpak. Dêrby giet it net allinnich om effisjinsje oangeande de gearwurking, mar ek om in beskriuwing fan de te beheljen resultaten (kwalitatyf en kwantitatyf). Sintraal dêrby stiet it op Fryslân rjochte ûndersyk, dat de kennis fan en oer Fryslân, mar ek de maatskiplike fatoriaasje dêrfan ferbetteret.
- VII. De nije direkteur-bestjoerder en de Ried fan Tafersjoch rapportearje dêroer elk fearnsjier skriftlik oan it kolleezje fan DS. Op basis dêrfan sille sy elk fearnsjier in bestjoerlik oerlis hawwe mei de provinsje.
- VIII. Dat mei it each op de nije ôfspraken it karbrief fan de Fryske Akademy wizige wurde moat, yndachtich de ynstimming

fan de provinsje Fryslân en de KNAW  
neffens kêst 31 fan dat karbrief.

3. Oanbefellingen 6, 7, 8, 9, 10, 11, 12, 13, 15 en 16  
fan de Taskforce ien op ien oer te nimmen en om  
oanbefelling 14 wizige oer te nimmen konfoarm  
beslútpunt 2.

4. Oanbefellingen 1, 2, 3, 4 en 5 fan de Taskforce op in  
letter momint yn 2020 yn in apart steateútstel te  
behanneljen.

5. It ministearje fan OCW, de KNAW en de Fryske  
Akademy skriftlik oer dit beslút te ynformearjen.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

drs. A.A.M Brok , foarsitter

A.G. Rosier , griffier